


In ivichheid net mear om eagen út te pikken

De ûntregeljende fersewrâld fan Friduwih Riemersma, dochter fan de grutte Fryske skriuwer Trinus, is ticht. Hat debútbonde *Myn binêre koade* hat poëzijresinsint Elmar Kuiper drok oant it wurk setten. In rêsteleaze gedachtestream tsjin makabere dekors. 'Soms stjit ik de holle.'

Tekst Elmar Kuiper
Foto Jean-Pierre Jans



Titel Myn binêre koade
Skriuwer Friduwih Riemersma
Utgjeverij Grotesk
Priis 15 euro (54 siden)
★★★★☆

De hoarizon moat sloopt wurde, neffens de ik-persoan yn Friduwih Riemersma har debút: *Myn binêre koade*. De geast yn de 'posttiid' is ûntregele, de betriedding sit los. Wurden foarmje in skyld, mar it kinne – metafoarysk sprutsen – ek ballen yn in flipperkast wêze, dy't alle kanten útsjtte. Riemersma har byldspraak is markant, sprekend: 'De wyn twirret by de rollûken op en plestik pûdsjes / dûnsje as kanonskûgelkwalsters...'

Wurd (it byld fan) de werklikheid bewust geweld oandien? Moat der eat trochbrutsen wurde? De bekentenissen lige der net om. Soms benimt it jin de siken: 'Rieden wy mei de rikel by it klandestine hûn- / swynfjocht-

sjen lâns, myn slachtoeken tink ik mei in / knyptang ôfknipt en dêrnei hat in taser my op 'e pitbull tafjurte oant alle bonken brutsen...'

Der wurdt algeduerigen yn- en útzoomd. Ympresjonistysk, detaillearre en om it hutsje feroarje de dekôrs. It is ticht yn Riemersma har fersewrâld. Soms jokje de hannen my, wol ik snoeie, sadat de wurden mear romte krije. De ik-persoan sprek't ta de oar yn de twadde persoan. Dat is oantreklik. Hy/sy kin it likegoed oer himsels/harsels hawwe. Der sit in aparte kadâns yn de fersen: sêft wijdzjend, mar ek swingend, bonkjend en stjitend. De toan kin ûngenedich fel wêze, mar ek sêft en tadien. Earne komme de tafrielen

jin bekend foar. Achteleas breidet Riemersma it iene wurd oan it oare, as in sjaal mei bûnte stikjes werklikheid. Se ûntregelet de geast, dy't loa is en logysk redenearje wol.

Yn in binêr model is romte foar fariaasje. Stomme graach wol ik de koade fan dy ik kreakje. Wat driuwt him/har? Oan syn/har rêsteleaze gedachtestream liket gjin ein te kommen. Beslist stipe jout de foarm: de fersen binne blokjes tekst, sûnder titels, mei sterkes en alineas en wyt dertusken (as it om de trijelûken giet). It enzjambemint is in oar wichtich skaaimerke. Om de útgjalp: 'Mei Yeats dea!' moat ik glimkje. Soms stjit ik de holle. Dan kreupelskonkje ik fierder en strof-felje oer: 'De spanwiidte fan in moarnskoft mei neitoarst / kantelet ta in kloppacht by de kofjeautomaat...'

Ut Riemersma har skriuwerij sprek't ambysje: se hat lef en lit har nea ferliede ta moaiskriuwerij. Der doarmje earder sabearre punkers yn har fersen om, dy't oan it pogoën en hollebatsen binne. It begjint jin bytiden dûzeljen. Hjir kin ik net it measte mei: 'Myn spektakel dyn boppeminsklik stribjen al moastst it / dwaan mei minsklike meganika oars sein wat silst ast / krekt it bêdlampke útknipt hast mar de fakkel tusken dyn / skonken heugloeit: wa ûnthjit my dan aanst en jei de / golem fuort mei keizels op myn grêf?'



Ut Riemersma har skriuwerij sprek't ambysje: se hat lef en lit har nea ferliede ta moaiskriuwerij.

Hoe wurket de wrâld yn op de ik-persoan? 'Longerje net. / Klibje net...' skriuwt se earne. Kinst him/har fertrouwe? Is de lyryske sprekker in marsjandeur of earder immen dy't de kat op it spek bine wol: 'Al bin ik striemin yn katapultsjitten ik haw de profesij net / fergetten en hjoed silst mei my fjochtsje as in keardel...'. Wat tsjut de ik-persoan op ferhoalen wize oan? As in detective plúzje ik it út.

Taal út ferskate registers wurdt trochinoar mjoksele en dat hat, earlik sein, syn útfallen. Hiel moai, Poe yndachtich, fyn ik dit: 'In krêmwite art deco-fasade stekt stiif tsjin de / monogrome himel ôf: dizze greiden komme de roeken al / in ivichheid net mear om eagen út te pikken of tongen en / it laam te plôkjen út 'e ûnderliven fan skiep dy't op rêch / bedarre rollebôlje sûnder siken.'

The Hunger Games lykje it makabere dekôr te foarmjen yn it neifolgjende fers. Of falt it in slach mei? 'It is gjin slavernij om-mers ik krij op ûneven dagen / keallefleis te iten en in semy-yndustriële naaimasine foar / it heksen troch de hearen har spikerbroeken hinne dy't / altyd en ivich slite op 'e kont of op 'e knibbels fan it / kantarellesykjen en ik laapje harres like taai op as dat ik / kreksa foar de reis nei har demoanen de lapen sigesage / om de skoandere deaberne dochterkes fan kening / toetankamom.'